

FRYSK TAALBELIED LJOUWERTERADIEL ANNO 2005

Ynlieding

Hjirby in oersjoch fan de stân fan saken oangeande it taalbelied Frysk fan de gemeente Ljouwerteradiel. Op in ‘menukaart’ wurdt oanjûn wat de gemeente wol en net docht (sjoch taheakke). It is goed om ien en oar ris te evaluearjen en dêr konklúzjes oan te ferbinen. Fêstlein belied en praktyk lizze op dit stuit noch faak gâns in ein út inoar. Faaks wurdt it tiid om it belied op tal fan punten struktureler en konsekwinter op te pakken mei minder frijbljuwendheid as no it gefal is. Koartsein, it aksint lizze op praktyske ynfolling.

I. Riedsprogramma

Yn it riedsprogramma 2002 – 2006 wurdt ûnder “Bevordering Friese taal” oanjûn dat:

1. by ferfanging plaknammebuorden de gemeente twatalige buorden brûke sil;
2. de útfiering fan it fêststelde Fryske belied oppakt wurde sil.

De ferfanging fan de kûmbuorden hat noch net oan ‘e oarder west en wat it lêste punt oanbelanget binne de lêste jierren wol ferskate nije dingen oppakt, mar it giet by lytse bytsjes en oare saken binne somtiden wer ferwettere.

Wapenfeiten binne ûnder oaren dat de Oardering Frysk yn it skriftlik ferkear fan de grûn kommen is en guon siden fan ús webstek sawol yn it Nederlânsk as yn it Frysk opsteld binne. Fierder stipet de gemeente al in oantal jierren it Tomke-projekt dat stiet foar it befoarderjen fan (foar)lêzen en it lizzen fan in basis foar de thústaal fan Fryske pjutten. Neist it reguliere pjutteboartersplak yn De Skalm kinne âlders trouwens de lêste jierren ek kieze foar it Fryske pjutteboartersplak yn Skilhiem.

II. Evaluaasje Notysje Frysk

Ein 1996 hat de FNP in Notysje Frysk opsteld dêr’t doedestiids troch de ried mei ynstimd is. Dat wie in oanset ta aktyf gemeentlik taalbelied en oan ‘e hân fan de doelstellings en beliedsfoarnimmens út dat stik wurdt hjirnei oanjûn wat der yn ‘e praktyk werklik fan telâne kommen is.

Formulearre doelstellings

1. It gemeentebestjoer wol noed stean foar behâld en ûntjouwing fan de Fryske taal en sil yn syn offisjele ferkear it Frysk en it Nederlânsk brûke op grûn fan lykweardigens.
2. It gemeentebestjoer kiest foar it systeem fan de twataligens. Op wei nei de lykweardigens sil it brûken fan it Frysk lykwols stipe wurde.
3. It gemeentebestjoer stribbet de lykberjochting fan Frysk- en Nederlânsktaligen nei en wol as middel dêrta it brûken fan it Frysk, mei behâld fan it Nederlânsk, yn syn hiele organisaasje yntegrearje.

Praktyk

Der wurdt in aktyf folgjend taalbelied foarstien en elkenien hat de frijheid om it Frysk te brûken yn it skriftlik en mûnling ferkear mei de gemeente. Hjir yntern jildt dy frijheid fansels ek. Yn dy sin is it Frysk lykweardich oan it Nederlânsk. De gemeente sels nimt yn it skriftlik brûken fan it Frysk lykwols noch net bot de foarstap dy’t stimulearjend wurkje kin foar oaren. Om’t dûbeltaligens foar in protte mearwurk, tiid en kosten soarget is keazen foar twataligens; in stik wurdt inkeld yn it Frysk of it Nederlânsk opsteld (op in útsûndering nei). De produksje fan Fryske stikken yn ús organisaasje is lykwols minimaal en fan niisneamde yntegraasje is (noch) net folle op ‘e hispel kaam.

Formulearre beliedsfoarnimmen rjochtsbeskerming

It gemeentebestjoer brûkt it Frysk sa folle mooglik yn publikaasjes en oare stikken, dy't in juridyske betsjutting ha en te meitsjen ha mei de rjochtsbeskerming fan de boargers, sanedich mei in Nederlânske oersetting. Oan fersiken om in oersetting wurdt yn prinsipe allinnich foldien as it giet om direkt belanghawwenden. Oarsom jildt soks ek foar in Frysktalige oersetting.

Praktyk

Gemeentlike publikaasjes mei in juridysk karakter yn b.g. de Stienzer Omropper binne eins altiten yn it Nederlânsk. De achterlizzende gedachte is fansels dat elkenien it benei komme kinne moat en dêr is bêst wat foar te sizzen. Dûbeltaligens is gjin opsje, as sjoen wurdt nei it grutte oantal publikaasjes en de fraach is dan ek oft dit beliedsfoarnimmen wol realistysk is.

Formulearre beliedsfoarnimmen aktyf Frysk taalgebrûk

It gemeentebestjoer stribbet in aktyf Frysk taalbelied nei oangeande:

1. advertinsjes (mei achtslaan fan de beheinings oangeande rjochtsbeskerming)
2. it ynterne skriftlike ferkear
3. it eksterne skriftlike ferkear mei in tal ynstânsjes en persoanen

Op de neamde terreinen wurdt it Frysk foar kar nommen.

Praktyk

Lykas niis al sein ferskine “juridyske” publikaasjes yn it Nederlânsk. Mar ek ús personielsadvertinsjes binne al grif sa'n tsien jier net mear yn it Frysk. Sa no en dan wie dat noch wolris it gefal by fakatueres foar ûnderwiiskrêften, mar ek dat is oer.

Wat it ynterne skriftlike ferkear oanbelanget is der ôfsjoen fan de amtner Frysk taalbelied net ien dy't him weaget oan in Frysk útstel oan kolleezje of ried of it meitsjen fan in Frysktalich ferslach.

Yn it eksterne skriftlike ferkear wurdt it prinsipe fan folgjend taalbelied hantearre. In Fryske brief wurdt ek yn't Frysk beändere. Mar aktyf (skriftlik) taalbelied, sels it inisjatyf nimme om it Frysk te brûken as dúdlik is dat de ûntfanger dêrmei út 'e fuotten kin, is in útsûndering.

Formulearre beliedsfoarnimmens ûnderwiis

- A. Om de keardoelen te berikken sil neigien wurde op hokker wize, bygelyks troch yntegraasje yn oare fakken, mear romte foar it Frysk makke wurde kin.
- B. Der sil yn oerlis mei de skoallen sjoen wurde nei it ynfieren en brûken fan tarikkende learmiddels en –metoaden en nei mooglike ekstra finansiering.
- C. By de stifting Keunstwurk sil der op oanstien wurde mear Frysktalige projekten foar it ûnderwiis op te setten.
- D. Funksje-eask fan in tarikkende oplieding Frysk foar learkrêften of de reeëns om binnen in jier nei oanstelling in oanfoljende kursus Frysk te dwaan.

Praktyk

Hanthavenjen fan de keardoelen Frysk of differinsjaasje oangeande it learfaak is in polityk 'hot item'. Op heechút twa skoallen yn Ljouwerteradiel wurde de keardoelen Frysk helle. Bûten de ferplichte trije kertier Fryske les yn 'e wike om kin it Frysk ris brûkt wurde by wrâldoriïntaasje, in kringpetear, it foarlêzen/fertellen fan in ferhaal of in foardrachtskriich. De lessen binne fierder lykwols allegearre yn it Nederlânsk. Somtiden wurde útstjoeringen fan skoalleradio- en tillevyzje folge. De “Fryske taalrotonde” is oer it generaal de brûkte lesmetoade.

“Bûtendoarpen” stekke faak geunstich ôf by Stiens, dêr’t it Frysk op skoalpleinen faak amper noch te hearren is. Aldere learkrêften beskikke oer it “foech Frysk”, by nije learkrêften is dat faak gjin ferplichting mear. In positive hâlding foar it Frysk oer is meastal genôch.

Formulearre doelstellings personielsbelied

- A. It gemeentebestjoer stipet it meidwaan oan kursussen Frysk troch de stúdzjekosten folslein te fergoedzjen. Foar it heljen fan in diploma Frysk wurdt yn ien kear in taslach jûn fan f 1000,--. De besteande regeling ferfalt dêrmei.
Foar it produsearjen fan Fryske stikken /brieven sil nei mjitte oan de oanbelangjende amtner in preemje takend wurde.
- B. By it oanstellingsbelied is de kwaliteit ynearsten beskiedend en jout it behearskjen fan it Frysk de trochslach as it om like geskikte kandidaten giet.
- C. Personielsadvertinsjes yn de provinsjale deiblêden wurde as regel yn it Frysk steld.

Praktyk

Der binne binnen it gemeentehûs in sântal minsken dy’t yn it ferline ien of mear kursussen Frysk folge ha. Op grûn fan de âlde regeling krije in oantal fan harren noch altiten jierliks in diplomataslach. Amtners dy’t nei 1997 in diploma helle ha falle ûnder de regeling, neamd ûnder A. It takennen fan in preemje foar amtner dy’t Fryske stikken produsearje is gjin sprake fan. Trouwens, útsein de amtner Frysk taalbelied weaget eins net ien him dêr oan. Te dreech of te folle tiid mei kwyt.

Personielsadvertinsjes binne altiten yn it Nederlânsk. As funksje-eask wurdt allinnich steld dat in kandidaat it Frysk passyf master wêze moat.

Konklúzjes

As der strikt sjoen wurdt nei formulearre belied en de útwurking dêrfan yn ‘e praktyk, dan kin allinnich mar konstataarre wurde dat der yn ferhâlding gewoan te min saken effektuearre binne. Komt de logyske fraach nei boppen oft de ambysjes dy’t yn de notysje ferwurde binne net te heech lizze of dat de gemeente te min war docht foar it Frysk. It antwurd leit yn it midden. Want it is net sa dat ús gemeente by in soad oare Fryske gemeenten ferskriklik út ‘e toan falt. Oan ‘e oare kant rint Ljouwerteradiel der no ek wer net út kwa entûsjasme.

It is goed om hjir fêst te stellen dat ús notysje en taaloardering in deeglike en ûnmisbere beliedsbasis foarmje foar it Frysk en dat it net allinnich “papieren tigers” bliuwe meie.

By de útwurking dêrfan moatte lykwols krampeftigens en strakkens foarkommen wurde.

Minsken fan de Afûk befêstigje ek dat de metoade fan “stapke foar stapke” faak gewoan it measte risseltaat opsmyt.

Op dit stuit sit der by de gemeente Ljouwerteradiel te min kontinuïteit yn it hiele ferhaal en is it tiid foar nije ympulzen, want stilstân betsjut noch altiten efterútging. En foardat men it yn ‘e gaten hat einiget it yn it lûken oan in dea hynder.

Fierderop yn dit stik wurde in oantal suggestjes en oanbefellings jûn.

III Nota taalbelied Provinsje Fryslân 2003-2007

Koartby is de provinsjale nota ‘*Ta rjocht komme: it fanselssprekkend plak fan it Frysk 2003 – 2007*’ ferskynd. De Provinsje Fryslân hat in grutte ferantwurdlikens foar it Fryske taalbelied en hat dêr in stypjende, koördinearjende en stimulearjende rol yn. Neffens de taalnota binne gemeenten, soarch en ûnderwiis de trije domeinen dy’t foarrang nedich hawwe wat it Fryske taalbelied oanbelanget.

Deputearre Mulder hat yn dat ramt mei in projekt-meiwurkster fan de Afûk alle gemeenten opsocht dy’t in taaloardering Frysk fêststeld ha.

De yntinsje wie om mei dy gemeenten út te finen op hokker wize it plak fan it Frysk yntern, ûnderling en nei de boargers ta fuortsterke wurde kin en wêr't de tûkelteammen lizze. Foar alle trije niisneamde sektoaren wurde stjoergroepen ynset en dy oerlisfoarmen moatte liede ta it better stal jaan fan de ynpassing fan it Frysk. Oer de sektorplannen fan de provinsje foar it ûnderwiis en de soarch sil hjir fierder net útweide wurde.

Guon oandachtsfjilden fan ûnderwiis en soarch falle lykwols foar in part wol wer ûnder it foech fan gemeenten. Sa hat û.o. ús gemeente oangeande it "Tijdelijk besluit kwaliteitseisen kinderopvang" it aspekt opnommen fan omtinken foar it Frysk yn 'e fergunnings.

Wat it ûnderwiis oanbelanget kinne guon gemeenten kedize foar it plak fan it Frysk as fak en fiertaal yn it basisûnderwiis, it brûken fan Frysk lesmateriaal en it ynsetten fan Londo-jild foar it Frysk. Yn Ljouwerteradiel is soks foar it iepenbier ûnderwiis oan it "Bureau Openbaar Primair Onderwijs Noordwest Fryslân" en by it kristlik ûnderwiis oan "VCBOL".

Foar de provinsje binne spearpunten yn it oerlis mei de gemeenten:

- it fêststellen fan in taaloardering as juridyske basis foar it Frysk (ha wy al);
- it safolle mooglik brûken fan Frysk yn ûnderlinge korrespondinsje;
- it útdragen fan twataligens en taalferskaat fan Fryslân oan nij-ynkommelingen;
- it organisearjen fan in wurkkonferinsje troch Provinsje en oaren om mei help fan de menukaart by it gemeentlik taal- en kultuerbelied oan 'e hân fan praktykfoarbylden sjen te litten wat der op it mêd fan it Frysk bard is en barre kin.

OANBEFELLINGS/SUGGESTJES

Dúdlik is dat de lokale oerheid in positive rol spylje kin yn it brûken fan de Fryske taal neist it Nederlânsk, sawol yntern as ekstern. De gemeente kin in foarbyldfunksje ha nei bûten ta en stimulearje en fasilitearje nei de eigen wurknimmers ta. As sjoen wurdt nei de hjoeddeistige útwurking fan ús taalbelied dan kin men der net omhinne dat teory en praktyk gâns in ein útinoar lizze. It aksint soe de kommende jierren dan ek lizze moatte op **it aktivearjen fan ûnderdielen fan belied**, yn elts gefal wat de eigen organisaasje oanbelanget, sûnder no daliks de realiteit út it each te ferliezen. Under ferwizing nei boppeneamde konklúzjes en rekkenjend mei wat der yn it petear mei de provinsje oan saken oan 'e oarder west hat, wurde de folgjende oanbefellings en suggestjes dien.

1. Personielsbelied

- * **It kolleezje bringt fia personielssaken ûnder de oandacht wat de mooglikheden binne om fia de Afûk kursussen Frysk te folgjen en wat de stúdzjefasiliteiten binne. By genôch belangstelling sil besocht wurde om kursussen yn it gemeentehûs te organisearjen.**
- * **De "Fryske Taalhelp" sil op safolle mooglik kompjûters yn de organisaasje ynstallearre wurde as stipe foar amtners by it produsearjen fan Fryske stikken.**
- * **As't nedich is sil yn 'e takomst gebrûk makke wurde fan de fasiliteiten fan de webstek foar gemeenten mei in taalhelpfunksje.**

Kursussen

Yn ús eigen organisaasje binne wy op dit stuit tige kwetsber wat de mooglikheid fan produsearjen fan Fryske stikken oanbelanget. Der binne amtners dy't wol ris in diploma helle ha, mar dy't der neat mei dogge. Net wolle, net doare, gjin tiid of de kennis is gewoan fuortsakke. Foar dy persoanen is der by de Afûk in koarte kursus fan seis lessen om de stavering wer by te spikerjen. En oars kin der mooglik in weromkomdei organisearre wurde.

De lêste pear jier binne der in protte nije wurknimmers by de gemeente binnenkaam. Foar dy nijkommers en oaren dy't ynteressearre binne yn de Fryske taal hat de Afûk in ferskaat oan kursusmooglikheden.

Taalhelp

Der is in staveringshifker foar Word fan de Fryske Akademy dy't koartlyn útwreide is mei ekstra funksjonaliteiten, de saneamde Taalhelp. It doel dêrfan is, dat dejinge dy't Frysk skriuwe wol dêr op 'e eftergrûn ûnderskate soarten helpmiddels by 'meidraaie' litte kin. 'Betiizjende wurden': (de brûker wurdt wiisd op wurden dy't yn foarm of betsjutting op oare Fryske of Nederlânske wurden lykje en dêr maklik mei betiisd wurde kinne.

'Geef Frysk': de brûker wurdt wiisd op it gevere Fryske wurd foar faak foarkommende Nederlânske lienwurden.

'Wurdboekfunksjonaliteit': der wurde trije wurdboeken oan 'e staveringshifker keppele, sadat de brûker de betsjutting fan wurden opsykje kin, út it Frysk of it Nederlânsk wei.

Webstek foar gemeenten

Op dit stuit wurdt op inisjatyf fan de Feriening foar Fryske Gemeenten in webstek foar gemeenten ûntwikkele mei in taalhelpfunksje. Der wurdt dan in mooglikheid foar amtners kreëarre om harren Fryske pinnefruchten noch even foar te lizzen oan in saakkundige dy't in korrizjearre ferzje fan it stik sa gau as mooglik weromstjoert.

De bedoeling is dat de webstek der dit jier noch komt.

2. Eksterne korrespondinsje

* **It kolleezje sil de foarkar jaan oan it brûken fan Frysk boppe it Nederlânsk yn de korrespondinsje mei de provinsje Fryslân, oare Fryske gemeenten, wetterskippen, ferienings fan doarpsbelangen, skoalorganen en mooglike oare ferienings en ynstellings yn de gemeente.**

De gemeente (lês: kolleezje) kin as earste it Frysk brûke yn korrespondinsje mei de oanjûne organen en ynstânsjes. Foar it kontakt mei de provinsje soe dat hoe dan ek fanselssprekkend wêze moatte. Mar ek nei de oaren ta mei dat gjin problemen opsmite. Troch it Frysk sels te hantearjen jout de gemeente oan dat it har mienens is mei it stribjen nei in aktyf Frysk taalbelied. Der binne al ferskate oare gemeenten dy't in soartgelikense beliedsregel folgje.

3. Publikaasjes, foarljochting, personielsadvertinsjes

* **It kolleezje wol en sil serieuus wurk meitsje fan it faker brûken fan it Frysk yn ferskillende publikaasjes nei bûten ta.**

* **Yn de foarljochting wurdt ek dúdlik nei foaren brocht dat dizze gemeente twatalich is.**

* **Personielsadvertinsjes wurde tenei wer yn it Frysk opsteld.**

Publikaasjes

Ofhinklik fan it karakter en de ynhâld fan in gemeentlike meidieling kin faker it Frysk hantearre wurde. En benaud wêze foar rjochtsûngelikens foar net-Frysktaligen is net noadich want dy wurde beskerme troch bepalings yn ús "Oardering Frysk" en de Algemeine Wet Bestjoersrjocht.

Foarljochting

Yn b.g. ús gemeentegids is it foaropwurd fan de boargemaster dûbeltalich en yn it boargerjierferslach binne ek in oantal saken yn it Frysk en Nederlânsk werjûn.

Dat is al moai, mar soe bêst noch wat rojaler meie.

Wichtich is fral dat nij-ynkommers yn dizze gemeente bewust makke wurde fan it feit dat de oerheid ek Frysk taalbelied hat. In tip foar in jûn foar nij-ynkommers of in foarljochtingsdei is de koarte Tryater-foarstelling Fries yn Boarger, dêr't it tema fan twataligens yn nei foaren komt.

Personielsadvertinsjes

Us personielsadvertinsjes soene yn it Nederlânsk wêze om't it berik dan grutter is en mear (geskikte) kandidaten gading meitsje nei de funksje? In gemeente as Ferwerderadiel publisearret alle personielsadvertinsjes gewoan yn it Frysk, resint noch dy fan in sektorhaad, en ik nim net oan dat dy fakatuere dêrtroch net (goed) ynfold wurde kin.

Us beliedsfoarnimmen wie om personielsadvertinsjes yn de provinsjale deiblêden as regel yn it Frysk op te stellen. Dat ik soe sizze, net stinne, mar gewoan dwaan. Eartiids wie soks ek gjin probleem. De advertinsje kin op ús webstek dan altiten noch twatalich pleatst wurde.

4. Oeren Frysk taalbelied (begrutting)

*** it oantal oeren dat troch de amtner Frysk oan Frysk taalbelied bestege wurde meie opskroeve nei in heale dei yn 'e wike.**

Op dit stuit stiet der yn de begrutting foar it produkt "Befoarderjen Fryske taal" foar it kosteplak siktary (amtner Frysk) in bedrach opnommen fan goed €5800. Dat stiet foar krekt mear as twa oeren yn 'e wike (90 oeren totaal). As it kolleezje fan miening is dat der serieus wurk makke wurde moat fan it taalbelied, dan soe in ferheging fan it oantal oeren net ûnridlik wêze. Dan kin der ek struktureel wat oppakt wurde. Dat ferhâldt him ek better mei wat oare gemeenten mei in aktyf taalbelied der oan besteegje, bgl. Ferwerderadiel (4 oeren yn 'e wike), Dongeradeel (160 oeren op jierbasis)

GDV, april 2005

